

Haitze Holwerda op it fabryk

In man of fjouwer, fiif foarmet de C-ploech fan in fabryk dêr't elektrysk boartersguod makke wurdt. Dy C-groep is de haadpersoan fan de nijste roman fan Anders Rozendal. De lêste pear jier binne ek al *De Muorre* en *Grinzen foarby* fan syn hân ferskynd; it lêste boek giet oer drugssmokkel per skip. Moai, wy hawwe der, sa't it liket, in nije romanskriuwer by yn it populêre segmint fan de Fryske skriuwerij. Sûnt it ferstjerren fan Rink van der Velde is dêr grut ferlet fan. Is Anders Rozendal sa'n skriuwer?

TSJERK VEENSTRA

Yn de kar fan syn ûnderwerpen wol en ek wol yn it brûken fan de taal, mar yn it kiezen fan de ferteller, it opbouwen fan spanning en it ynlibjen yn persoanen is de skriuwer net sa sterk.

It ûnderwerp fan dit boek is oansprekkend genôch. In ploech manlju, de iene wat âlder, de oare wat jonger, makket de elektromotorkes foar boartersguod op in grut fabryk. It binne gewoane Fryske jonges mei ferkearing of húshâlding, mei de gewoane problemen mei de bazen, it jild en de relaasje mei de frou of in kollega. It grutste part lykwols giet oer it wurk op de fabryk, dat wol sizze op allinne harren ôfdieling, en it konflikt dat winliken it ûnderwerp fan it ferhaal útmakket is dat der in reorganisaasje komt en de fraach is dan wa't EM wurdt. Earste Man mei tige beheinde ferantwurdlikens, mar likegoed in trime heger as de oaren, dus ûntstiet der striid oer wa't dat wurde moat. Hoewol, safolle striid is der eins net ien, want allinne Tys wol it echt. Hy ferwachtet dat er mear fertsjinnet en dat komt wer moai út foar it nije hûs. En as syn frou Anny dan har frijwilligerswurk omset yn in betelle baan... Mar Tys is poer ûngeskikt


foar de funksje, want hy kin net mei minsken omgean en dat wurdt de ôfdielingssjef ek ferteld, mar De Groot set troch en de rapen binne gear. Tys wurdt tsjinwurke, kriget in maachswolm en de mannen krije de skull.

Oast

Yn in sêne dy't sterk tinken docht oan it ferneamde konflikt yn de roman *De sûnde fan Haitze Holwerda* fan Ulbe van Houten, wurdt De Groot der op ferge te sizzen dat allinne hy foar Tys wie as EM'er. Hy draait en hy licht en dat witte de mannen, mar it helpt harren neat: de ploech wurdt opdield oer oare ôfdielings.

Dat ferhaal wurdt troch Rozendal oannimlik en realistysk ferteld mei de noadige humor fan de wurkflier: mannen ûndermekoar, is't sa net? De skriuwer wit wêr't er it oer hat, dat mei de autintisiteit sit it goed. It duorret allegearre wol hiel lang en gjin detail fan it wurkproses wurdt de lêzer ûnthâlden, dat dy sil ek wolris in eintsje oerslaan; ik haw dat wol dien, alteast.

Dêr sit him de oast: spannend is it net en echt ynteressearre yn de haadpersoanen rekket men ek net. Dat komt omdat der winliken net ien haadpersoan is; de groep is it, mar mei in alwittende ferteller



In ploech fabriksarbeiders stiet sintraal yn de nijste roman fan Anders Rozendal.

Foto: ANP

wurdt it nearne en noait persoanlik. De mannen komme wol thús en se strike de frou ek wolris oer it gat en de iene hat moarns nei de nachtsjinst wol nocht en de oare net, mar fierder komme wy net folle te witten oer de ôfsûnderlike persoanen. It bliuwe platte karakters en der hiene op syn minst twa rûne by wêze moatten. As it ferhaal skreaun wie út it gesichtspunt fan Tys wei of, ek hiel nijsgjirrich en faaks better, syn frou Anny, of wat ek kinnen hie: beide, dan hie it drama fan de selsoerskatting en de

earsucht fan Tys yn relaasje ta syn frou en syn kollega's folle better út de ferve komme kinnen.

Fint

Trinus Riemersma syn *Fabryk* út 1964 kin sa net wer skreaun wurde en dat moat ek net, mar wat mear psychology, wat mear ynlibjen, hie net wei west en hie in better boek makke. De flaptekst seit: 'de ûnderlinge ferhâldings wurde der net better op' en dat wit de skriuwer goed stal te jaan. En ek: 'en dat hat syn wjerslach thús', mar

dêr lit er it ôfwitte: hy neamt it wol, mar yn 'tsjinstelling ta it fabryk, wol 'thús' mar net ta libben komme.

Hie er dêr wol foar soarge dan hie it boek ta in echte roman foar in breed publyk útgroeie kinnen. Rozendal soe wat mear doare, wat mear 'fint' fertoane moatte as skriuwer. De deeglike basis leit der al.

De baas trakrearret. Anders M. Rozendal, De Fryske Boekeklub, KFFB, nr. 426. Priis 14 euro.